

DE BELOFTE

FAN

WRALDFREDE

In ferklearring fan
It Unifersele Hûs fan Gerjochtichheid



Nasjonale Komitee Fryslân
fan de Nasjonale Geastlike Ried
fan de Bahá'ís fan Nederlân

Oarspronklike titel: The Promise of World Peace, a Statement by the Universal House of Justice.

Utjefte fan it Bahá'í Wráldsintrum, Haifa, Israël.

Fryske útjefte ûnder tafersjoch fan it Nasjonaal Komitee Fryslân fan de Nasjonale Geastlike Ried fan de Bahá'ís fan Nederlân.

© 1994 Nasjonale Geastlike Ried fan de Bahá'ís fan Nederlân

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde en/of iepenbier makke troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder skriftlik goedfinen yn 't foar fan de útjouwer.

Oktober 1985

Oan alle folken op ierde:

De Grutte Frede dêr't de minsken fan goede wil alle ieuwen troch yn har hert nei longere ha, dêr't sjenners en dichters ûntelbere generaasjes lang yn fisioenen fan tsjûge ha en dy't troch de hillige geskriften fan it minskdom hieltyd wer beloofd waard, is no lang om let binnen it berik fan 'e naasjes kommen. Foar it earst yn 'e skiednis is it foar elkenien mooglik om de hiele planeet, mei syn einleas ferskaat fan folken, yn ien perspektyf oer te sjen. Wrâldfrede is net inkeld mooglik, mar sels ûnûntkomber. Dy frede is it folgjende stadium yn 'e evolúsje fan ús planeet, mei de wurden fan in grut tinker 'de planetisearring fan it minskdom'.

Oft frede pas berikt wurde sil nei ûnfoarstelbere ferskrikkings, gefolch fan it steech oanhâlden troch it minskdom fan âlde gedrachspatroanen, of no al fêstige wurde sil troch kriich en in died fan mienskiplik oerlis, is de kar dêr't alle bewenners fan 'e ierde foarsteane. Op dizze kritike twasprong, dêr't de oanhâldende problemen dêr't de naasjes mei te kampen ha, gearraand binne ta ien mienskiplike soarch foar de hiele wrâld, soe it slim ûnferantwurde wêze om it tij fan konflikten en disoarder net te kearen.

Under de geunstige tekens sjogge wy de almar oanwinnende krêft fan de stappen nei in wrâldoarder, dy't earst om it begjin fan dizze ieu set binne mei de skepping fan it Folkebûn, letter folge troch de breder fundearre Feriene Naasjes; it krijen fan ûnôfhinklikheid troch de measte naasjes op ierde sûnt de Twadde Wrâldoerlich, wat de foltôging fan it proses fan it bouwen fan naasjes oantsjut en de relaasjes fan dy jonge naasjes mei de âldere yn saken fan mienskiplik belang; de dêrút fuortkommende enoarm tanommen gearwurking tusken dêrfoar isolearre en antagonistyske folken en groepen yn ynternasjonale ûndernimmings op wittenskiplik, opfiedkundich,

rjochtskundich, ekonomysk en kultureel gebiet; it ûntstean fan in ferbjusterjend tal ynternasjonale humanitêre organisaasjes yn 'e lêste desennia; de sprieding fan frouljus- en jongereinbewegings dy't it ophâlden op oarloggen easkje; en it spontaan opkommen fan hieltyd grutter wurdende netwurken fan gewoane minsken op syk nei begryp troch persoanlik kontakt.

De wittenskiplike en technologyske foarderingen dy't har foardogge yn dizze bûtengewoan segene ieu, tsjutte op in grutte sprong foarút yn 'e maatskiplike evolúsje fan 'e planeet en se soargje foar de middels dêr't de praktyske problemen fan it minskdom mei oplost wurde kinne. Se leverje grif de gaadlike middels foar it bestjoeren fan it komplekse libben fan in feriene wrâld. Likegoed bliuwe der obstakels bestean. Twivel, misferstannen, foaroardielen, erchtinken en benypt eigenbelang bedriigje naasjes en folken yn har ûnderlinge relaasjes.

Ut in djip gefoel fan geastlik en moreel plichtsbefes wei is it, dat wy ús op dit gaadlik momint twongen fiele om jo omtinken te freegjen foar de djippegeande ynsichten dy't langer as in ieu lyn foar it earst oan de regearders fan it minskdom oerbrocht waarden troch Bahá'u' lláh, Stichter fan it Bahá'i leauwe, dêr't wy de hoeders en noeders fan binne.

“De wynfleagen fan wanhoop”, skreau Bahá'u' lláh, “waaie spiti-gernôch fan alle kanten en de striid dy't it minskdom ferdielt en teheistert, boazet by de dei oan. Men kin de foartekens fan driigjende betizing en disoarder no waarnimme, mei't de besteande oarder jammerdearlike gebrekkich blykt te wêzen.” Dit profetyske oardiel is foargoed befestige troch wat it hiele minskdom sûnt dy tiid ûnderfûn hat. Tekoartkommings yn 'e besteande oarder blike klear út it ûnfermogen fan yn 'e Feriene Naasjes organisearre soevereine steaten om it spoek fan 'e oarloch út te bannen, út it driigjende ynstoarten fan de ynternasjonale ekonomyske oarder, út it oanboaz-

jen fan anarchy en terrorisme, en út it yntinse lijen dat hieltyd mear minsken oandien wurdt troch dizze en oare kwellings. Ja, agresje en konflikt binne al sa klear in skaaimerke wurden fan ús maatskiplik, ekonomyske en godstsjintige systemen, dat mannichien him al dellein hat by de opfetting dat sa'n gedrach de minsklike natuer eigen, en as sadanich net út te roegjen is.

Ut it algemien akseptearjen fan dat idee is in ferlamjende ûntstien tsjinstridigens yn minsklike oangelegenheden. Oan 'e iene kant ferkundige minsken út alle lannen net inkeld har reewêzen ta, mar ek har langst nei frede en harmony, om in ein te meitsjen oan de folterjende bangens dy't har bestean teistert. Oan 'e oare kant stelle de lju har kritickeas op achter de stelling dat minsken ûnferbetterlik egoïstysk en agressyf binne en binne se dêrtroch net yn steat om in maatskiplik systeem op te bouwen dat foarútstribjend en freedsum, dynamysk en harmonysk is, in systeem dat yndividuele kreativiteit en persoanlik inisjatyf rom baan jout, mar tagelyk basearre is op gearwurking en help fan wjerskanten.

Al nei't de needsaak ta frede twingender wurdt, fereasket dy fûnemintele tsjinstridigens, dy't it berikken fan dy frede yn 'e wei stiet, in opnij hifkjen fan de foarûnderstellings dêr't de algemien akseptearde fisy op 'e hjoeddeiske situaasje fan it minskdom op basearre is. Objektyf ûndersocht litte de feiten sjen, dat sa 'n gedrach net in utering is fan it wiere ik fan 'e minske, mar in misfoarming fan 'e minsklike geast. Wannear't de minsken dêrfan oertsjûge wurde kinne, sil dat har yn steat stelle om konstruktive maatskiplike krêften op gong te bringen dy't, mei't se oerienkomme mei it minsklik aard, harmony en gearwurking befoarderje sille yn stee fan oarloch en konflikt.

It kiezen fan dy koers is net de ûntkenning fan it minsklik ferline, mar it begripen derfan. It Bahá'í leauwe beskôget de hjoeddeiske betizing op 'e wrâld en de jammerdearlike tastân yn 'e minsklike oangelegenheden as in natuerlik stadium yn in organysk proses, dat

úteinlik en net te kearen liede sil ta de ienwurding fan it minskdom yn ien inkele maatskiplike oarder, wêrfan't de grinzen dy fan 'e planeet wêze sille. It minskdom hat as in organyske ienheid mei ferskaat evolusjonêre fazen trochmakke, analooch oan de fazen fan beukeren bernejierren yn it libben fan har yndividuele leden, en ferkeart no op it hichtepunt fan har turbulinte puberteit, wylst it nei syn lang ferwachte folwoeksenheid tagroeit.

De oprjochte erkenning dat foaroardiel, oarloch en útrûpeljen utions wienen fan ûnfolwoeksen stadia yn in lang histoarysk proses, en dat it minskdom hjoeddedei it ûnûntkomber tumult trochmakket, dat it skaaimerke is fan har kollektyf folwoeksen wurden, is gjin reden ta wanhoop mar in earste fereaske foar it ûndernimmen fan it gigantyske projekt fan it bouwen fan in freedsume wrâld. Dat sa'n ûndernimming mooglik is, dat de needsaaklike konstruktive krêften wol deeglik besteane, en dat ferienigjende maatskiplike struktueren wier wol opset wurde kinne, is it ûnderwerp dat wy jo mei klam freegje om it te bestudearjen.

Hoefolle lijen en beroering de kommende jierren faaks noch mei-bringe sille, hoe tryst de no besteande omstandichheden ek wêze meie, de Bahá'i mienskip leaut, dat it minskdom dy slimste besiking oankin, en hat fertrouwen yn it úteinlike resultaat. De skokkende feroarings dêr't it minskdom hieltyd hurder nei ta dreun wurdt, betsjutte net de ein fan 'e beskaving, mar tsjinje rjocht oarsom om de 'mooglikheden dy't it wêzen fan'e minske eigen binne', frij te meitsjen en 'de folle mjitte fan syn bestimming op ierde, de oanberne folsleinens fan syn werklikheid', oan 't ljocht te bringen.

I

De jeften dy't de minske ûnderskiede fan alle oare libbensfoarmen, foarmje meiinoar dat wat bekend stiet as de minsklike geast, dêr't it ferstân de essinsjele eigenskip fan is. Dy jeften hawwe it de minsken mooglik makke beskavings op te bouwen en om ta materiële wolfeart te kommen. Mar ditsoarte ferwurvenheden ha op harsels de minsklike geast noait befredige, mei't syn ferburgen aard him oanstriid jout nei it transendinte, langhalzje lit nei in ûnsichbere sfear, nei de úteinlike werklikheid, dy ûnkenbere essinsje fan alle essinsjes, dy't God neamd wurdt. De godstsjinsten dy't it minskdom troch opinoar folgjende geastlike ljochten bybrocht waarden, ha de foarnaamste ferbining foarme tusken it minskdom en dy úteinlike werklikheid, en ha it miensklik fermogen om geastlike groei lykop mei maatskiplike foarútgong te berikken, fersterke en ferfine.

Gjin inkel serieus besykjen om oarder op saken te stellen yn 'e oanlegenheden fan it minskdom om ta wrâldfrede te kommen, kin om religy hinne. It miensklik begryp en de útwurking dêrfan ha as de belangrykste faktoaren de skiednis behearske. In emininte skiedkundige hat de godstsjinst ris beskreaun as in 'fermogen fan'e minsklike natuer.' Dat de ûntaarding fan dat fermogen in grut oanpart hân hat yn 'e betizing yn 'e maatskippij en de konfliktken ûnder en tusken persoanen, kin net ûntkend wurde. Mar it soe ek net earlik wêze om de oerhearskjende ynfloed fan'e godstsjinst op 'e belangrykste uteringen fan'e beskaving bûten beskôging te litten.

Boppedat is de ûnmisberheid derfan foar de maatskiplike oardering withoefaak bewiisd troch syn rjochtstreekse ynfloed op wetjouwing en seedlik gedrach.

Oer godstsjinst as maatskiplike krêft skreau Bahá'u' lláh; "Godstsjinst is it foarnaamste middel foar it skeppen fan oarder yn 'e wrâld en (foar) it fredige gelok fan alle gearre dy't dêr wenje."

DE BELOFTE FAN WRALDFREDE

Ferwizend nei de ferdwining of de ferwurding fan 'e godstsjinst, skreau Er: "Soe de lampe fan religy fertsjustere wurde, dan sille gaos en betizing der it gefolch fan wêze en it ljocht fan earlikheid, fan rjochtfearlichheid, fan rêst en frede sil ophâlde fan skinen!" By in opsomming fan soksoarte gefolgen tsjutte de Bahá'í geskriften oan, dat de 'ferwurding fan de minsklike natuer, de ûntaarding fan it minsklik gedrach, it ferdjer en it útinoar fallen fan minsklike ynstituten har ûnder sokke omstandichheden fan har minste en walchlikste kant sjen litte. It karakter fan 'e minske wurdt ferlege, it fertrouwen skeind, de macht fan 'e dissipline ferswakke, de stim fan it minsklik gewisse ta swijen brocht, it gefoel foar fatsoen en skamte wurdt dizich, opfettings oangeande plichtsbefes en solidariteit, oangeande gelikense behanneling en trou oer en wer, wurde ferfoarme, en it wiere gefoel fan frede, fan freugde en fan hoop wurdt stadichoan útdove."

As dus it minskdom yn in ferlamjende konfliktsituaasje belâne is, moat it yn himsels, yn syn eigen sleauwens, yn 'e ferlokjende stimmen dêr't it nei harke hat, sykje nei de boarne fan 'e misferstannen en betizing, teweechbrocht út namme fan 'e religy. Dejingen dy't blynwei en selssuchtich oan har eigen spesifike ortodoksyen festhâlden ha, dy't har folgelingen misliedende en tsjinstridige ynterpretaasjes fan de útspraken fan Gods profeten oplein ha, drage in swiere ferantwurdlikheid foar dizze betizing -in betizing dy't noch ynge-wikkelder makke wurdt troch it opsmiten fan keunstmjittige barrières tusken ferstân en leauwe, tusken wittenskip en religy. Want in earlike en iepen beskôging fan 'e oarspronklike wurden fan 'e Stichters fan 'e grutte godstsjinsten, mei ynachtnimming fan it maatskiplik miljeu dêr't se har sinding yn folbringe moasten, jout gjin reden om de skelen en foaroardielen te rjochtfeardigjen, dy't de godstjinstige mienskippen fan it minskdom, en dêrmei alle minsklike oangelegenheden, fersteure.

De lear dat wy oaren behannelje moatte sa't wysels winskje behanne-

le te wurden, in etyske noarm dy't yn ferskillende wurden yn alle grutte godstsjinsten werom te finen is, fersterket dy lêste opmerking op twa punten: se fettet de morele hâlding, it frede- befoarderjende aspekt gear, dat wy yn al dy godstsjinsten, likefolle it plak of tiidrek dêr't se yn ûntstienen, weromfine; se wiist ek op in aspekt fan ienheid, dat har wêzentlike fertsjinste is, in fertsjinste dy't it minskdom troch syn brokkelich sicht op 'e skiednis net nei har wiere wearde skatte kinnen hat.

Hie it minskdom de Opfieders út har mienskiplike bernetiid yn har wiere betsjutting ûnderkend, as aktive krêften fan ien beskavingsproses, dan soe it sûnder mis ûneinich folle mear baat hân ha by it kumulative resultaat fan har opinoar folgjende missys. Dat hat spiti-gernôch sa net west.

It wer oplibjen fan religieus fanatisme yn gâns lannen kin inkeld as in lêste stûpe sjoen wurde. It aard sels fan de gewelddiedige en teheisterjende ferskynsels dy't dêrmei lykop geane, tsjûget fan it geastlik bankrot fan alles dêr't it foar stiet. Ja, ien fan de frjemdste en drôvichste skaaimerken fan 'e hjoeddeiske útbarsting fan religieus fanatisme is de mjitte wêryn 't altyd wer ûndermynjend wurket, net inkeld op de geastlike wearde dy't befoarderlijk binne foar de ienheid fan it minskdom, mar ek op dy unike morele oerwinnings dy't behelle waarden troch krekt dy religy dy't it bewearde te tsjinjen.

Hok in libbenjaande krêft godstsjinst ek west hat yn 'e skiednis fan in minskdom, en hoe dramatysk it hjoeddeiske werolibjen fan it militante religieuze fanatisme ek is, doch beskôgje hieltyd mear minsken yn 'e lêste desennia religy en religieuze ynstituten as irrelevant foar de belangrykste oangelegenheden fan 'e moderne wrâld. Dêrfoar yn 't plak ha se har ôf nei it genotsuchtige neijeien fan materiële befrediging keard ôf nei it folgjen fan troch minsken betochte ideologyen, ûntwurpen om de maatskippij te befrijen fan de dúdlike kwalen dêr't se mei tangele sitte. Fierstente folle fan dy

ideologyen binne spitigernôch oanhelle mei de oanstriid om, yn stee fan de idee fan it ien-wêzen fan it minskdom oan te hingjen en de harmony tusken de ûnderskate folken te befoarderjen, de steat te fergodlikjen, om de rest fan it minskdom oan ien naasje, ras of klasse te ûnderwerpen, om alle diskusje en útwikseling fan gedachten te ûnderdrukken, of om miljoenen hongerlijers sûnder moederaasje oer te jaan oan de útwurking fan in handelssysteem dat spitigernôch mar al te dúdlik it lot fan de mearderheid fan it minskdom ferswierret, wylst it lytse minderheden yn steat stelt om út 'e romte te tarren, dêr't ús foarâlders amper fan dreame doarst ha.

Hoe tragysk is it ferhaal fan de ferskillende surrogaat - leauwen dy't de wrâldwizen fan ús tiid skepen ha. Oan de massale ûntnochtering fan hiele folken, dy't leard ha om by har alters oan 'e earetsjinst diel te nimmen, kin it beslissende oardiel fan 'e skiednis oer har wearde ôflêzen wurde. De fruchten dy't har learstellings fuortbrocht ha - de tsientallen jierren fan in almar frijer machtsútoefening troch dyjingen dy't har ynfloed yn minsklike oangelegenheden dêroan te tankjen ha - binne de maatskiplike en ekonomyske kwalen dy't yn dizze lêste jierren fan 'e tweintichste ieu elk gebiet fan ús ierde tamtearje. Oan 'e woartel fan al dy uterlike oandwanings leit de geastlike skea, dy't him wjerspegelt yn 'e apaty dy't it grutste part fan 'e folken op ierde yn 'e macht krigen hat en yn it ferlerngean fan alle hoop yn 'e herten fan misdielden en lijende miljoenen.

De tiid is kommen dat dejingen dy't de dogma's fan it materialisme ferkundigje, oft se no út it easten of út it westen, út it kapitalisme of it sosjalisme fuortkomme, ferantwurding ôflizze moatte fan it morele behear dat se sizze út te oefenjen. Wêr is dy 'nije wrâld' dy't dy ideologyen beloofd ha? Wêr is de ynternasjonale frede dêr't, nei't se bewearde, har ideälen oan wijd binne? Wêr binne de trochbraken nei nije sfieren fan kulturele ferwurvenheden, fuortkommen út it ferhearlikjen fan dit ras, fan dat lân of fan dy spesjale klasse? Wêrom sinkt de oergrutte mearderheid fan 'e wrâldbefolking hieltyd djipper

wei yn honger en ellinde, wylst de rykdom op in skaal dêr 't de farao's, de caesars of sels de ymperialistyske machten fan 'e njoggentjinde ieu net fan dreame doarsten, ta beskikking stiet fan har dy't hjoeddedei beslisse oer minsklike oangelegenheden?

Benammen yn 'e ferhearliking fan 'e jacht op materiële ferwurvenheden, dy't sawol de oansetter as it mienskiplik skaaimerke fan al dy ideologyen is, fine wy de woartels fan 'e dwaling dat de minske ûnferbetterlik egoïstysk en agressyf is. Hjir moat de grûn frijmakke wurde foar it bouwen fan in nije wrâld, gaadlik foar ús neigenslacht.

It feit dat it de materialistyske idealen, wat de tiid wol leard hat, net slagge is om it ferlet fan 'e minsken te befredigjen, twingt ús ta de erkenning dat no opnij besocht wurde moat om oplossingen foar de benearjende problemen fan 'e planeet te finen. De ûntalibere tastannen yn 'e maatskippij bewize in mienskiplik tekoartsjitten fan elkenien, in omstandichheid dy 't oan alle kanten earder ferhurding meibringt as iepenheid befoardert. It is dúdlik, dat in ienridich besykjen om ta ferbettering te kommen, in driuwende needsaak is. It is yn 't foarste plak in saak fan mentaliteit. Sil it minskdom behurdzje yn syn stiifkoppigens, fêsthâlde oan fersliten ideeën en útgongspunten dêr't net mei te wurkjen is? Of sille syn lieder, likefolle wat ideologie se derop neihâlde, nei foaren komme en beret meiinoar oerlizze, hoe't der besocht wurde kin om mei de mannemacht gaadlike oplossings te finen?

Dejingen dy't begien binne mei de takomst fan it minskdom, dogge der faaks goed oan it folgjende advys yn har omgean te litten: "As lang koestere idealen en fanwege har âlderdom respektarde ynstellings, as bepaalde maatskiplike ûnderstellings en religieuze formules ophâlden ha om it wolwêzen fan it grutste part fan it minskdom te befoarderjen, as se de belangen fan in oanhâldend him ûntjaand minskdom net langer tsjinje, lit dy dan oan 'e kant reage wurde en weromferwiisd nei it ferjit fan yn ûnbrûk rekke en ferwurden lear-

stellings. Wêrom soenen dy, yn in wrâld dy't ûnderwurpen is oan de net te feroarjen wet fan feroaring en fersal, frijsteld wurde fan it ferwurding dêr't gjin inkele minsklike ynstelling oan ûntkomt? Want de rjochtsstandert, de politike en ekonomyske teoryen binne inkeld ûntwurpen om de belangen fan it minskdom as gehiel te beskermjen, en net om it minskdom te kastijen foar it behâld fan de suverens fan in bepaalde wet of learstelling."

II

It útbannen fan kearnwapens, it ferbieden fan it brûken fan gifgas of it ûnwettich ferklearjen fan biologyske oarlochfiering sille de grûnoarsaken fan oarloch net weinimme. Hoe wichtich sokke praktyske maatregels uteraard ek binne as eleminten fan it fredesproses, se binne op harsels te oerflakkich om in bliuwende ynfloed út te oefenjen. De folken binne fernimstich genôch om wer oare manieren fan oarlochfieren út te finen, en om iten, grûnstoffen, finansjele middels, yndustriële macht, ideologyen en terrorisme te brûken om inoar oan'e kant te reagjen yn in einleaze jacht nei oarhearsking en hearskippij. Likemin kin de hjoeddeiske massale ûntheistering yn 'e oangelegenheden fan it minskdom oplost wurde troch it bylizzen fan bepaalde konflikten of ûnienichheden tusken naasjes. Der moat in echt universeel ramt opset wurde.

Der is grif gjin te min erkenning troch nasjonale liederen fan it wrâldwide aard fan it probleem, dat foar himsels sprekt, as se neigean, hoe't de taken dêr't se alle dagen mei te meitsjen ha, har opsteapelje. Boppedat is der it hieltyd hurder groeiende tal stúdzjes en oplossings dy't oandroegen wurde sawol troch besoege en ferljochte groepen, as troch de ynstellings fan'e Feriene Naasjes, om alle mooglike ûnbekendheid mei de útdaagjende easken dêr't oan foldien wurde moat, wei te nimmen. Der hearsket lykwols in wilsfer-

lamming; it is dy wilsferlamming dy't yngeand ûndersocht en beret oanpakt wurde moat. Dy ferlamming wurdt, sa't wy hjirfoar beskreaun ha, feroarsake troch in djipwoartele oertsjûging dat de minske in ûnferbetterlike rûzjesiker is, wat in net reewêzen meibrocht hat om de mooglikheid nei te gean nasjonaal eigenbelang ûndergeskikt te meitsjen oan de easken fan in wrâldoarder en in tsjinsin om de fierrikkende ymplikaasjes fan it festigjen fan in feriene wrâldautoriteit moedich ûnder eagen te sjen. De ferlamming is te bespeuren yn it ûnfermogen fan foar it grutste part ûnwittende en ûnderwurpen massa's om har langst nei in nije oarder, dêr't se mei it hiele minskdom yn frede, harmony en foarspoed yn ferkeare kinne, dúdlik ûnder wurden te bringen.

Hoopjaande tekens binne de benammen nei de Twadde Wrâldoarloch foarsichtich sette stappen nei wrâldoarder. De oanwinrende tendins fan groepen fan naasjes om har ûnderlinge ferhâldings yn formele banen te lieden om sa yn steat te wêzen om gear te wurkjen yn saken fan mienskiplik belang, wiist derop, dat alle naasjes úteinlik yn steat wêze moatte om dy wilsferlamming fan har ôf te setten. De Assosjaasje fan Súdeast Aziatyske Lannen, de Caribyske Mienskip en Mienskiplike Merk, de Sintraal Amerikaanse Hannelsmienskip, de Ried fan Underlinge Ekonomyske Bystân, de Europese Mienskippen, de Arabyske Liga, de Organisaasje fan Afrikaanse Ienheid, de Organisaasje fan Amerikaanse Steaten, it Súd Pasifysk Foarum— alle ienriedige ynspannings dy't sokke organisaasjes fertsjintwurdigje, meitsje de wei frij nei wrâldoarder.

Noch in hoopjaand teken is, dat de oandacht hieltyd mear rjochte wurdt op in pear fan'e djipstwoartele problemen fan ús planeet. Nettsjinsteande de dúdlike tekoartkommings fan'e Feriene Naasjes ha de tsientallen ferklearrings en konvinsjes dy't dy organisaasje oannommen hat, sels as de regearingen har der net al te entûsjast oan bine woenen, oan gewoane minsken doch it gefoel fan nije libbenskânsen jûn. De Universele Ferklearring fan de Rjochten fan de

Minske, de Konvinsje ta it Foarkommen en Bestraffen fan de Misdiel fan Folkenmoard, en soartgelikense maatregels ta bestriding fan alle foarmen fan diskriminaasje op grûn fan ras, sekse of leauwe; it heechhâlden fan de rjochten fan it bern; de beskerming fan alle persoanen foar martelingen; it útbannen fan honger en ûnderfieding; it brûken fan wittenskiplike en technologyske foarútgong ta befoarderding fan 'e frede en yn 't belang fan it minskdom - al soksoarte maatregels sille, as se moedich oplein en útwreide wurde, de dei tichterby bringe, dat it oarlochsspoek syn macht om ynternasjonale ferhâldingen te oerhearskjen ferlern ha sil. It is net nedich om noch mear klam te lizzen op de betsjutting fan 'e ûnderwerpen dy't troch dy ferklearrings en konvinsjes behannele wurde. In pear derfan fertsjinje lykwols ekstra oandacht fanwege har direkte relevânsje foar de festiging fan wrâldfrede.

Rasisme, ien fan 'e ferdjerlikste en steechste kwalen, is in belangryk obstakel op 'e wei nei frede. De praktyk derfan is in ûnfoech skeinen fan de weardichheid fan 'e minske om ûnder hokker ekskús dan ek sanksjoneard te wurden. Rasisme keart it har ûntjaan fan 'e ûnbegrinze latinte mooglikheden fan syn slachtoffers op, ferdjert de rasisten sels en ferwoestet de minslike foarútgong. Erkenning fan it ienwêzen fan it minskdom, ta útdrukking brocht yn passende wetlike maatregels, moat universeel steund wurde, as dit probleem oait betwongen wurde sil.

It ûnfoech grutte ferkil tusken ryk en earm, in oarsaak fan slim lijen, hâldt de wrâld yn in ûnstabile tastân, yn wêzen op 'e râne fan oarloch. Net folle mienskippen geane suksesfol mei dy situaasje om. De oplossing freget om in kombinearde útfiering fan in geastlike, morele en praktyske oanpak. Der is ferlet fan in nije kyk op it probleem, wêrby't rieplachte wurde moat mei deskundigen út in breed skala fan fakgebieten, frij fan ekonomyske en biologyske polemyk, en wêryn 't de minsken dy't direkt beynfloede wurde troch de driuwende beslissings, ek behelle wurde moatte. Dit ûnderwerp is net allin-

nich nau ferbûn mei de needsaak om de utersten fan rykdom en earmoed út te bannen, mar ek mei dy geastlike wearden dy't, as se erkend wurde, in nije universele hâlding teweechbringe kinne. It oankweken fan sa'n hâlding is op himsels al in wichtich ûnderdiel fan 'e oplossing.

Unberonge nasjonalisme, hiel wat oars as in sûne en normale heitelânsleafde, sil romte meitsje moatte foar in breder loyaliteit, foar de leafde foar it hiele minskdom. Bahá'u'llahs ferklearring seit: "De ierde is mar ien lân mei dêryn alle minsken as boargers." It idee fan wrâldboargerskip is in rjochtstreeks gefolch fan de gearfoeging fan 'e wrâld ta ien inkele buorskip, teweechbrocht troch wittenskiplike foarútgong, en fan 'e net te ûntstriden ûnderlinge ôfhinklikens fan 'e naasjes. Leafde foar alle folken slút de leafde foar it heitelân net út. It belang fan it diel wurdt yn in wrâldmienskip it bêste tsjinne troch it befoarderjen fan it belang fan it gehiel. De hjoeddeiske ynternasjonale aktiviteiten op ûnderskaat gebiet, dy't tagedienens fan wjerskan ten en in gefoel fan solidariteit ûnder folken befoarderje, moatte gâns útwreide wurde.

Godstsjintstriid hat yn 'e rin fan 'e skiednis de oarsaak west fan withoefolle oarloggen en konfliktken, ien fan 'e grutste obstakels op 'e wei nei foarútgong, en foarmet in hieltyd slimmer skrikbyld foar minsken mei en sûnder leauwe. Folgelingen fan alle godstsjinsten moatte ree wêze om de fûnemintele problemen dy't dy striid meibringe, ûnder eagen te sjen, om ta in dúdlik wjerwurd te kommen. Hoe moatte har ûnderlinge ferskillen oplost wurde, sawol yn teory as yn 'e praktyk? De godstsjinstlieders fan it minskdom steane foar de útdaging om oer de tastân fan it minskdom nei te tinken mei in hert fol dearnis en in ferlangst nei wierheid, en om harsels ôf te freegjen oft se, mei deemoed foar har almachtige Skepper, har teologyske skelen net begrave kinne yn in grutmoedige geast fan ûnderlinge ferdraachsumheid, dy't har yn steat stelle sil om meiinoar op te wurkjen oan de foarútgong fan 'e minsklike ferhâldings en de frede.

De emansipaasje fan 'e frou, it winnen fan in folsleine lykwaardigens tusken de seksen, is ien fan 'e belangrykste, mar minder erkende betingsten foar frede. Troch de ûntkenning fan dy lykwaardigens wurdt de helte fan 'e wrâldbefolking ûnrjocht oandien en wurde skealike hâldings en gewoanten by de manlju befoardere, dy't út 'e hús wei oanhâlden wurde yn it wurk, yn it politike libben en úteinlik oant yn ynternasjonale ferhâldings. Der besteane gjin morele, praktyske of biologyske arguminten, dy't de niisneamde ûntkenning rjochtfeardigje kinne. Earst as froulju fan herten behelle wurde yn alle aspekten fan minsklik stribjen, sil it morele en psychologyske klimaat skepen wurde dêr't ynternasjonale frede yn ûntstean kin.

De saak fan universele opfieding, dy't al in leger fan tawijde minsken út elk leauwe en lân achter him krigen hat, fertsjinnet alle mooglike stipe dy't de regearings op ierde jaan kinne. Want it is net te ûntstriden, dat ûnwittendheid de haadoorsaak is fan it ferfal en de ûndergong fan folken en fan it fuortbestean fan foaroadielen. Gjin lân kin ta foarútgong komme, as al syn boargers net oplied wurde. In tekoart oan middels beheint de mooglikheden fan gâns naasjes om yn dat essinsjele ferlet te foarsjen, mei as gefolch dat der bepaalde prioriteiten steld wurde moatte. De beslissende ynstânsjes dy't hjirmei te meitsjen ha, soenen der goed oan dwaan om de heechste prioriteit te jaan oan de oplieding fan froulju en famkes, mei't de segeningen fan kennis it fluchst en it effektyfst yn 'e maatskippij trochwurkje kinne troch ûntwikkele froulju. De easken fan ús tiid yn acht nimmend, soenen wy ek yn ús omgean litte moatte om it idee fan wrâldboargerskip mei te jaan as in diel fan de standertopfieding fan elk bern.

In fûneminteel tekoart oan kommunikaasje tusken alle folken foarmet in soarchlike ûndermining fan alle besykjen om ta wrâldfrede te kommen. It ynfieren fan in ynternasjonale helptaal soe de oplossing fan dit probleem tige befoarderje en fertsjinnet om dy reden alle oandacht.

Der binne twa punten dêr't yn al dizze saken de klam op lein wurde moat. It iene is, dat it ôfskaffen fan oarloch net simpelwei in kwestje is fan it ûndertekenjen fan ferdragen en protokollen; it is in komplekse taak, dy't in nij nivo fan tawijing by it oplossen fan saken dy't yn 'e regel net yn ferbân brocht wurde mei it stribjen nei frede, fer-easkje. As it basearre is op inkeld politike oerienkomsten, dan bliuwt it idee fan kollektive feilichheid in drôchbyld. It oare punt is, dat de grutste útdaging by it behanneljen fan fredesfraachstikken leit yn it ferheffen fan 'e saak op in prinsipiël nivo boppe in inkeld pragmatyske oanpak. Want yn wêzen komt frede fuort út in inerlike tastân, dy't stipe wurdt troch in geastlike of morele wize fan dwaan, en de mooglikheid om ta bliuwende oplossings te kommen is benammen te finen yn it opropen fan sa'n gedrach.

Der binne geastlike begjinsels, of wat guon minsklike wearden neame, mei help wêrfan oplossings fûn wurde kinne foar elk maatskiplik probleem. Elke groep mei goede bedoelings kin wol in algemien idee jaan foar praktyske oplossings fan syn problemen, mar goede bedoelings en praktyske kennis binne meastal net foldwaande. De essinsjele fertsjinste fan geastlike begjinsels is, dat se net inkeld in perspektyf biede dat oerienkomt mei wat ynherint is oan it minsklik aard, mar ek in hâlding, in dynamyk, in wil, in aspiraasje oproppe dy't it ûntdekkjen en tapassen fan praktyske maatregels ferienfâldicht. Regearingslieders en allegear dy't lieding jouwe, soenen der tige mei holpen wêze, as se by har besykjen om problemen op te lossen, earst besykje soenen de oanbelangjende begjinsels te identifisearjen om har dêr dan troch liede te litten.

III

It wichtichste fraachstik dat oplost wurde moat is, hoe't de hjoeddeiske wrâld mei syn ynfretten konfliktpatroan, feroarje kin yn in wrâld dêr't harmony en gearwurking hearskje.

Wrâldoarder kin inkeld basearre wurde op in rotsfêst besef fan it ienwêzen fan it minskdom, in geastlike wierheid dy't troch alle minskwittenskippen befestige wurdt. Antropology, fysiology en psychology erkenne mar ien minsklike soarte, ek al hat dy yn 'e sekundêre aspekten fan 't libben in ûneinich tal farianten. Erkenning fan dy wierheid twingt ta it loslitten fan foaroardiel —foaroardiel fan hokker soarte dan ek— fan ras, klasse, hûdskleur, leauwe, naasje, sekse, graad fan materiële beskaving, fan alles wat minsken derta ferliede kin om harsels as superieur te beskôgjen.

It akseptearjen fan it ienwêzen fan it minskdom is it earste fûnemintele betingst foar de reörganisaasje en it bestjoer fan 'e wrâld as ien lân, it hûs fan it minskdom. Wrâldwide akseptaaasje fan dit geastlik begjinsel foarmet in essinsjeel ûnderdiel fan alle suksesfol besykjen om ta wrâldfrede te kommen. It moat dêrom wrâldwiid ferkundige wurde, ûnderwiisd wurde op skoallen, en hieltyd wer befestige wurde yn alle naasjes as tarieding fan de organyske feroaring yn 'e struktuer fan 'e oanbelangjende maatskippij.

Yn 'e Bahá'i fisy fereasket de erkenning fan it ienwêzen fan it minskdom "neat minder as de rekonstruksje en de demilitarisaasje fan 'e hiele beskaafde wrâld -in wrâld dy't organysk ferienige is yn alle essinsjele aspekten fan 't libben, it politike apparaat, it geastlik stribjen, hannel en finânsjes, skrift en taal, mar likegoed mei in ûneinich ferskaat yn 'e nasjonale skaaimerken fan 'e federale ienheden."

De ymplikaasjes fan dit krusiale en oarderjende begjinsel útwurkjend, merkte Shoghi Effendi, de Hoeder fan it Bahá'i leauwe, yn

1931 op, dat it út noch yn net it omreagjen fan 'e besteande grûnslach fan'e maatskippij foar eagen hat, mar dat it dernei stribbet om syn basis te ferbreedzjen, syn ynstellings te herfoarmjen op in wize dy't ôfstimd is op it ferlet fan in hieltyd feroarjende wrâld. It bestiet net dat dy Oarder yn striid komt mei de trou oan de wettige regearing, en likemin dat dy de needsaaklike loyaliteit ûnderminet. It doel derfan is net om de flam fan in sûne en begryplike heitelânsleafde yn it hert fan'e minsken te dôvjen, en likemin om it systeem fan nasjonale autonomy ôf te skaffen, dat sa needsaaklik is, as wy it kwea fan in oerdreaune sintralisaaasje fermije wolle. Dy wet ferwaarloazet net de ûngelikensens fan etnologyske oarsprong, fan klimaat, fan skiednis, fan taal en tradysje, fan tinkwize en gewoanten, dy't de folken en naasjes op ierde faninoar ûnderskiede, en besiket dy ek net te ûnderdrukken. Mar hy roept wol op ta in grutter trou, in wider stribjen as it minskdom oan no ta besield hat. Hy trunet oan ta ûnderskikking fan nasjonale oanstriden en belangen oan de needsaaklike oanspraken fan in ferienige wrâld. Oan 'e iene kant wiist er oerdreaune sintralisaaasje ôf en oan 'e oarke kant ek alle besykjen om ta uniformiteit te kommen. It biedwurd is ienheid yn ferkaat."

It berikken fan sokke doelen fereasket in stapsgewize oanpak en oanpassing fan'e nasjonale politike opfettingen, dy't hjoed-de-dei hast oan anarchy gelyk binne troch it ûntbrekken fan dúdlik stelde wetten of universeel akseptearde en op te lizzen begjinsels, om de ferhâlding tusken naasjes op oarder te bringen. It Folkebûn, de Feriene Naasjes en de withoefolle organisaasjes en oerienkomsten dy't se ta stân brocht ha, ha sûnder mis har nut hân by it ôfswakjen fan inkele fan 'e negative effekten fan ynternasjonale konflikten, mar se ha net yn steat west om oarloggen te foarkommen. Rjocht oarsom, der ha sûnt de Twadde Wrâldoarloch tsientallen oarloggen west; hiel wat derfan binne noch altyd geande.

De belangrykste aspekten fan dit probleem kamen yn 'e njoggentjinde ieu al oan it ljocht, doe't Bahá'u'lláh foar it earst syn foarstel-

len foar it festigjen fan wrâldfrede nei foaren brocht. It begjinsel fan kollektive feilichheid waard troch him útwurke yn ferklearrings, dy't er útgean liet nei de regearders fan 'e wrâld. Shoghi Effendi murk oer syn bedoeling op: "Wat kinne dizze belangrike wurden oars betsjutte, as se net ferwize nei de needsaaklike besnoeiing fan ûnbehindere nasjonale soeveriniteit as in ûnmisbere oanset ta de foarming fan it takomstige 'gemienebest' fan alle folken op ierde? De ien of oare foarm fan in wrâld-supersteat sil him ûntwikkelje moatte; om dy te stypjen sille alle steaten op ierde frijwillich ôfsjen fan it rjocht om oarloch te fieren, lykas ek bepaalde rjochten om belesting op te lizzen en alle rjochten om bewapening te hanthavenjen, útsein dy foar it bewarjen fan oarder yn har respektive gebieten. Sa'n supersteat sil yn syn sfear oer in ynternasjonale útfierende macht beskikke moatte, grut genôch om it allerheechste en ûnoantaastbere gesach út te oefenjen oer elk wjerstribbich lid fan 'e wrâldsteatebûn; in wrâldparlemint, mei leden dy't troch it folk yn 'e respektive lannen keazen wurde sille en waans ferkiezing troch har respektive regearings bekrêftige wurde sil; fierders in Heechste Gerjochtshof, waans oardiel binend wêze sil, ek as de oanbelangjende partijen der neat foar fiele om har taak frijwillich oan syn oardiel te ûnderwerpen."

"In wrâldmienskip dêr't alle ekonomyske barriêres foargoed út opromme wêze sille en de ûnderlinge ôfhinklikens fan kapitaal en wurk definityf erkend wurdt; dêr't it getjirch fan godstsjinstich fanatisme en striid foargoed yn ta bedarjen kommen wêze sil; dêr't de flam fan rassehaat lang om let yn dôve wêze sil; dêr't ien inkele ynternasjonale wetjouwing —it produkt fan it goedoertochte oardiel fan de fertsjintwurdigers fan 'e wrâldfederaasje— as strafmaatregels de direkte en twingende yntervinsje fan 'e kombinearre federale ienheden yn ha sil; en úteinlik in wrâldmienskip dêr't de ferwoedenheid fan in wif en striidlustich nasjonalisme yn feroare wêze sil yn in bliuwend besef fan wrâldboargerskip— sa ferskynt yn grutte halen de Oarder lykas Bahá'u'lláh dy foarseach, in Oarder dy't letter as de

DE BELOFTE FAN WRALDFREDE

geefste frucht fan in stadichoan rypjend tiidrek sjoen wurde sil.”

De útfiering fan dy fierrikkende maatregels waard troch Bahá'u'lláh oantsjut: “De tiid sil komme, dat elkenien de twingende needsaak beseffe sil fan it hâlden fan ien grutte en alle minsken omfetsjende gearkomst. De keningen en hearskers fan 'e ierde moatte dy bywenje en, troch oan it oerlis diel te nimmen, wegen en middels betinke dy't de grûnslach lizze sille foar de grutte Wrâldfrede ûnder de minsken.”

De moed, de berettens, de suvere motiven, de ûnbaatsuchtige leafde fan it iene folk foar it oare —alle geastlike en morele eigenskippen dy't nedich binne om dy belangrike stap nei wrâldfrede te setten, binne rjochte op 'e wil om te hanneljen. Om dy needsaaklike wilskrêft geande te meitsjen, moat der serieuze oandacht jûn wurde oan de werklikheid fan 'e minske, te witten syn gedachten. It begripen fan it belang fan dy machtige werklikheid, betsjut ek: de maatskiplike needsaak ynsjen om de unike wearde derfan te realisearjen yn in earlik, betochtsum en hertlik oerlis, en om te hanneljen neffens de resultaten fan dat proses. Bahá'u'lláh lei mei klam de oandacht op 'e fertsjinsten en de ûnmisberheid fan oerlis foar it oarderjen fan minsklike oangelegenheden. Hy sei: “Oerlis bewurket in wider besef en feroaret gissings yn wissichheid. It is in strieljend ljocht dat yn in tsjustere wrâld de wei wiist en lieding jout. Foar alles is der, en dat sil altyd sa bliuwe, in steat fan in hieltyd folsleiner wurden en rypjen. De folsleinens fan 'e jeftige fan begryp utert him yn oerlis.” Allinne al it besykjen om ta frede te kommen troch it proses fan oerlis lykas hy dat foarstelde, kin in sa woldiedige geast ûnder de folken op ierde wekker roppe, dat gjin inkele macht it úteinlike, triomfearjende resultaat opkeare kin.

Oangeande de wurkwiize foar dy wrâldgearkomst bea 'Abdu'l-Bahá, de soan fan Bahá'u'lláh, dy't machtige wie om syn learingen út te lizzen, de folgjende ynsichten oan: “Se moatte Frede ta ûnderwerp

fan it algemien oerlis meitsje en besykje om mei alle middels dêr't se oer beskikke kinne, in Uny fan wrâldsteaten op te rjochtsjen. Se moatte in binend ferdrach slute en in ferbûn oprjochtsje, wêrfan't de bepalingen reëel, ûnskeinber en dúdlik omskreaun wêze sille. Se moatte dat ferdrach oan 'e wrâld bekend meitsje en de goedkarring derfan fan alle minsken krije. Dat ferheven en nobele ûndernimmen —de wiere boarne fan frede en wolwêzen op 'e hiele wrâld— moat as in hillige taak opfette wurde troch alle ierdbewenners. Alle krêften fan it minskdom moatte mobilisearde wurde om duorsumheid en bestindigens fan dit Aldergrutste Ferbûn te fersekerjen. Yn dat alles-omfetsjende Ferdrach moatte de beheiningen en de grinzen fan elke steat dúdlik fêstlein wurde, de grûnbegjinsels dy't de ûnderlinge ferhâldingen fan 'e regearings regelje, wurde fêstlein en alle ynternasjonale ferdragen en ferplichtings wurde dúdlik omskreaun. Lyksa moat ek de omfang fan 'e bewapening fan elke regearing string beheind wurde, elke steat ommers dy't frij is om him op in oarloch ta te rieden en syn militêre macht te fergrutsjen, sil it wantrouwen fan 'e oare steaten oproppe. Dit plechtige Ferdrach moat op sa'n hecht fûnemint rêste, dat as de ien of oare regearing letter ien fan 'e bepalings oertrêdzje soe, alle regearings op ierde yn aksje komme moatte om dy regearing folslein te ûnderwerpen, sterker noch, it hiele minskdom soe as ien gehiel beslute moatte om mei alle beskikbere macht dy regearing ferdwine te litten. Wurdt dit meast fiergeande genêsmiddel op it sike lichem fan 'e wrâld tapast, dan sil it grif better wurde fan syn sykten en foargoed feilich en sûn bliuwe."

Dy machtige gearkomst hie al lang hâlden wurde moatten.

Mei al it fjoer yn ús binnenst dogge wy in berop op 'e liederen fan alle naasjes dit gaadlike momint oan te gripen om beslissende stappen te setten om sa'n wrâldgearkomst byinoar te roppen. Alle krêften fan 'e skiednis twinge it minskdom nei dy died ta, dy't de dage fan har langferwachte folwoeksenens foargoed markearje sil. Sille de Feriene Naasjes mei alle mooglike steun fan al har leden net

oereinkomme mei it nobele doel om har ynspannings op dy wize te bekroanen?

Lit manlju en froulju, jongfolk en bern de ivige fertsjinsten fan dy heechstneedsaaklike died foar alle folken oeral erkenne en har stim hearre litte yn in berette byfal. Ja, lit it dizze generaasje wêze, dy't dat glorieuze stadium yn 'e evolúsje fan it maatskiplik libben op ús planeet ynliedt.

IV

De boarne fan it optimisme dat wy fiele, is in fisy dy't fierder rikt as it ophâlden fan oarloch en it skeppen fan organisaasjes foar ynternasjonale gearwurking. Bliuwende frede ûnder de naasjes is in essinsjeel stadium, mar net, sa fersekert Bahá'u'lláh, it úteinlike doel fan 'e maatskiplike ûntjouwing fan it minskdom. Achter de earste wapenstilstân dy't de wrâld ôftwongen wurdt út frees foar in nukleêre slachting, achter de politike frede dy't wiskjend oangien wurdt troch erchtinkende, inoar bekonkurrearjende naasjes, achter praktyske maatregels foar feilichheid en koëksistinsje, sels noch achter it grutte oantal eksperimintele gearwurkingsferbannen dy't dy stappen mooglik meitsje sille, leit as bekroaning it úteinlike doel: de feriening fan alle folken op ierde yn ien wrâldwide famylje.

Unienichheid is in gefaar dat de naasjes en folken op ierde net langer ferneare kinne: de gefolgen derfan binne te grouwêlich om derby stil te stean, te evident om taljochte wurde te moatten. "It wolwêzen fan it minskdom" skreau Bahá'u'lláh langer as in ieu lyn, "syn frede en feilichheid binne ûnberikber, as syn ienheid net bliwend ta stân komt." Opmerkend hoe't "it hiele minskdom kreunt en klaget, dêrnei longert om ta ienheid fierd te wurden en syn ieuwenlang martlerskip te beëinigen", ljochte Shoghi Effendi fierder ta: "Ienwurding fan it hiele minskdom is it garânsjemark fan it stadi-

um dêr't de minsklike maatskippij no op ta giet. Ienheid fan gesin, fan stam, fan stêd-steat en naasje binne ien foar ien besocht en berikt. Wrâldienheid is it doel dêr't in tamtearre minskdom nei stribbet. It bouwen fan naasjes is ta in ein kommen. De anarchy dy't ûnûntkomber lykop giet mei nasjonale soevereiniteit, is oan syn hichtepunt ta. In folwoeksen wurdende wrâld moat dy ôfgod dien jaan, de ienheid dy't alle minsken ta ien gehiel omfoarmje moat, erkenne en ienris en foargoed it meganisme oprjochtsje, dat dit fûnemintele libbensbegjinsel it bêste stal jaan kin.

Alle feroaring teweechbringende krêften fan ús tiid befestigje dit stânpunt. De bewizen kinne waarnommen wurde yn 'e withoefolle hjirfoar neamde foarbylden fan geunstige tekens, dy't yn 'e hjoeddeiske ynternasjonale bewegings en ûntjouwings op wrâldfrede wize. It leger fan manlju en froulju, dy't út suver alle kultueren, rasen en naasjes op ierde rekruteard binne, yn tsjinst fan allerhande ynstellings fan 'e Feriene Naasjes, fertsjintwurdicht in planetêre "tsjinstesektor", wêrfan't de ymposante resultaten wize op in nivo fan gearwurking dat, sels ûnder ûntmoedigjende omstandichheden, berikt wurde kin. In oandriuw nei ienheid wrakselt, as in geastlike maitiid, om himsels ta útdrukking te bringen fia withoefolle ynternasjonale kongressen, dy't minsken út allerhande dissiplines byinoar bringe. Dy oandriuw motiveart ta it skeppen fan ynternasjonale projekten foar bern en jongerein. Hy is de wiere boarne fan de opmerklike oekumenyske bewegingen, dêr't leden fan foarhinne antagonistske godstsjinsten en sekten ûnwjersteanber troch nei inoar ta lutsen lykje te wurden. Lykop mei de op oarloch en selsferhearliking rjochte oanstriid, dêr't er oanhâldend mei wrakselt, is de driuw nei wrâldienheid ien fan 'e oerhearskjende ynkringende skaaimerken fan it libben op ús planeet yn 'e lêste jierren fan 'e tweintichste ieu.

De ûnderfining fan 'e Bahá'i mienskip kin sjoen wurde as in foarbyld fan dy hieltyd grutter wurdende ienheid. It is in mienskip fan sa'n trije oant fjouwer miljoen minsken út gâns naasjes, kultueren, klas-

sen en religys, dwaande mei in breed skala fan aktiviteiten yn tsjinst fan it geastlik, maatskiplik en ekonomysk ferlet fan 'e folken yn hiel wat lannen. It is ien inkeld maatskiplik organisme, dat de diversiteit fan 'e minsklike famylje fertsjintwurdicht, dat de oangelegenheden dêrfan regelt troch in systeem fan algemien akseptearde prinsipes fan oerlis, en dat alle grutte útstoartings fan godlike lieding yn 'e skiednis fan it minskdom like leafhat. It bestean derfan is in bewiis temear fan 'e praktyske brûkberens fan har Stichters fisy fan in feriene wrâld, in oertsjûgjend bewiis dat it minskdom as ien wrâldomfetsjende maatskippij libje kin, opwoeksen tsjin elke útdaging dy't syn folwoeksen wurden meibringe kin. As de Bahá'í ûnderfining wat bydrage kin ta it fersterkjen fan 'e hoop op de ienheid fan it minskdom, sille wy dy graach oanbiede as in model om te bestudearjen.

It allerheechste belang fan 'e taak dêr't de hiele wrâld no foar stiet oertinkend, bûge wy deemoedich de holle foar de ûntsachlike majesteit fan 'e godlike Skepper, dy't yn Syn ûneinige leafde it hiele minskdom út ien en deselde stam skepen hat; dy't de nommele werklikheid fan 'e minsken ferheven hat en toaid mei ferstân en wysheid, adel en ûnstjerlikens, en dy't de minske it "unike fermogen Him te kennen en leaf te hawwen" skonken hat, in fermogen dat sjoen wurde moat as "de besieljende krêft, it foarnaamste doel en de grûnslach fan 'e hiele skepping."

Wy binne der folslein wis fan, dat alle minsken skepen binne om "in almar fierdergeande beskaving út te dragen"; dat "it de minske ûnweardich is om him as de bisten yn 't fjild te hâlden en te dragen; dat de by de minsklike weardichheid passende deugden binne: betrouberheid, ferdraachsumheid, genede, meilijen en leafde foar alle folken. Wy bevestigje opnij it leauwe dat "de mooglikheden dy't ynherint binne oan de steat fan 'e minske, de folle omfang fan syn bestimming op ierde, de oanberne treflikens fan syn werklikheid, allegear ta útdrukking komme moatte yn dy taseine Dei fan God." Dat is de motivaasje foar ús ûnwrikbere leauwe dat ienheid en frede

as doelstellings dêr't it minskdom nei stribbet, binnen ús berik lizze.

Yn dit skriuwen binne de ferwachtingsfolle stimmen fan 'e Bahá'is te hearren, nettsjinsteande de ferfolgings dy't se noch altyd ûndergeane yn it lân dêr't har Leauwe berne waard. Troch har foarbyld fan stânfêste hoop tsjûgje se fan it leauwe dat de neioane ferwurkling fan dy ieuwenâlde dream fan frede no oerklaaid is mei de macht fan godlike autoriteit, troch de transformearjende effekten fan Bahá'u'lláhs iepenbiering. Dêrmei diele wy jo net inkeld in fisy yn wurden mei; wy roppe de krêft fan dieden fan leauwe en opoffering te help; wy bringe it ynmoedige pleit foar frede en ienheid fan ús meileauwigen oeral op ierde nei foaren. Wy wolle solidêr wêze mei allegearre dy't it slachtoffer binne fan agressje, mei allegear dy't longerje nei de ein fan konflikten en striid, mei elkenien waans tawijing oan begjinsels fan frede en wrâldoarder de nommele bedoeling befoardert dêr't it minskdom troch in allesleavjende Skepper foar yn it libben roppen waard.

Yn 'e oprjochtens fan ús ferlangst om de gloede fan ús hoop en de ûnwrikberens fan ús fertrouwen mei jo te dielen, helje wy de belofte fan Bahá'u'lláh oan, dy't er mei klam jûn hat: "dit ûnnutte striden, dizze ferneatigjende oarloggen sille foarby gean en de "Allerheechste Frede" sil komme."

It Universele Hûs Fan Gerjochtichheid.